



Stifting  
It Frysk Amateur Toaniel  
( IFAT )

**MEARJIERREPLAN  
2021-2024**

19 augustus 2020

## MEARJIERREPLAN IFAT 2021-2024

### Ynhâld:

1.	YNLIEDING.....	3
1.1	IFAT – It Frysk Amateur Toaniel en Taal, Kultuer en Underwiis.....	4
1.2	Relaasje beliedsnota 'Nij Poadium 2021- 2024': keunst en kultuer, taal & ûnderwiis en erfgoed yn Fryslân.....	6
1.2.1	IFAT en kultuer.....	6
1.2.2	IFAT en taal.....	6
1.2.3	Taalbelied IFAT.....	6
1.2.4	IFAT en ûnderwiis.....	7
1.2.5	IFAT en erfgoed.....	7
1.2.6	Kultureel ûndernimmerskip.....	8
2.	AKTIVITEITEN.....	9
2.1	Bibleteek.....	9
2.2	BFT Selskippen/STAF.....	10
2.3	Frysk Boun om Utens.....	13
2.4	Selskip 1844.....	15
3.	PRODUKTPLAN 2021.....	18
3.1	Detailbegutting.....	18
3.2	Kosten en opbringsten per produkt.....	19

**I F A T: De takomst fan it Frysk binne wy sels**



## 1. YNLIEDING.

Hjirby biedt IFAT jo it MEARJIERREPLAN 2021-2024 oan.

IFAT is it oerkoepeljende orgaan foar Frysktalich Amateurtoaniel yn Nederlân.

By IFAT binne trije organisaasjes oansletten, te witten:

- Stifting Amateurtoaniel Fryslân (STAF);
- Frysk Boun om Utens (FBOU);
- Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (It Selskip 1844).

Fan STAF wurde allinne de aktiviteiten fan de Doelgroep BFT selskippen stipe.

Nêst it produkt fan IFAT sels, kinne ek de trije oansletten organisaasjes beskôge wurde as Produkten fan IFAT, de aktiviteiten fan de trije oansletten organisaasjes binne apart opnaam yn de “formats”.

Dizze wurkwiize waard ek brûkt, doe't IFAT noch streekrjocht stipe krige fan it Ministearje fan UK&W. Mei yngong fan 2002 is IFAT opnaam yn de tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2010. De Bestjoersôfspraak is in lânlike ôfspraak fan it Ministearje fan UK&W en de Provinsje Fryslân om de Fryske Taal en Kultuer te stypjen.

IFAT stribbet der nei om sa folle as mooglik fan de oan har takende middels te brûken as stipe oan de oansletten organisaasjes. Dit betsjut sa min mooglik kosten meitsje, om sa folle mooglik middels as stipe trochjaan te kinnen.

It beskikbere bedrach foar stipe wurdt op grûn fan in ferdielkaai ferdiel oer de trije organisaasjes. By it fêststellen fan de ferdielkaai is rekken hâlden mei oan de iene kant de grutte fan de organisaasje en oan de oare kant it gebiet wat de organisaasje bestrykt.

As ferdielkaai wurdt mei goedkarren fan de oansletten organisaasjes hantearre: STAF ½, Frysk Boun om Utens ¼ en Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse ¼ fan it bedrach wat oerbliuwt fan it stipebedrach nei't de kosten en de produkten fan IFAT sels ôflutsen binne.

It stipebedrach oan de aktiviteiten fan de trije oansletten organisaasjes wurdt neffens de ferdielkaai oanpast oan it beskikber stelde subsydzjebedrach yn it gefal dat it beskikber stelde subsydzjebedrach heger as leger is as it tekoart op de begrutting.

## 1.1 IFAT – It Frysk Amateur Toaniel en Taal, Kultuer en Underwiis.

De útwurking fan foarlizzend Mearjierreplan is basearre op de beliedsnota ‘Nij Poadium’ op it mêd fan **Taal** (ambysje 7), mar ek op it mêd fan **Keunst en Kultuer** (ambysjes 3 en 6), want it wurk fan IFAT omfiemet de trije beliedsfjilden Taal, Kultuer, **Underwiis** en **Kultuerhistoarysk erfgoed** (ambysje 8). Mei de aktiviteiten op dizze beliedsfjilden levert IFAT in bydrage oan it ta stân bringen fan de beliedsdoelstellingen fan de Provinsje Fryslân. (Brief Provinsje Fryslân fan 1 july 2020, merkteken 01759657, subysdzje 2021 – 2024)

### **Taal - Ambysje 7:**

In fanselsprekkend plak fan it Frysk yn ús ûnderwiis, yn ús iepenbiere libben en yn ús frije tiid.

### **Keunst en Kultuer.**

#### Ambysje 3:

De provinsje makket him der sterk foar dat alle bern yn Fryslân yn oanraking komme mei keunst en kultuer. Njonken it wurkjen oan ús Fryske taal, wurket IFAT ek foar kultuer yn ‘e mienskip, sadat keunst en kultuer tagonklik makke wurdt foar elkenien. Kultuerpartisipaasje en amateurkeunst drage by oan de leefberens en it lok yn ús provinsje en drage by oan in brede wolfeart.

#### Ambysje 6:

IFAT wol yn Fryslân in sterke keunstynfrastuktuer ta stân bringe as basis foar in bloeiend ta-komstich artystyk klimaat, mei name op it mêd fan it amateurtoaniel.

### **Underwiis – Ambysje 7A.**

IFAT / it Selskip is ek warber op it mêd fan ûnderwiis / meartaligens, benammen foar de allerjongsten, de pjutten.

### **Erfgoed - Ambysje 8.**

De provinsje giet foar: kultuerhistoaryske wearden behâlde, ûntwikkelje, ûndersykje en sichtber meitsje. IFAT stiet ek foar de beskerming, ûntwikkeling en it sichtber meitsjen fan argeology, griene en boude monuminten en kultuerhistoarysk erfgoed. Ien fan ús oansletten organisaasjes, It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse, hat in bysûnder erfskip: erfgoed.

IFAT is fanâlds de lânlike organisaasje foar Frysktalich amateurtoaniel yn Nederlân, hat yn de rin fan de jierren it wurk ferbrede mei it organisearjen en stypjen fan nije aktiviteiten/projekten op it mêd fan taal, kultuer en ûnderwiis, sa as bygelyks it foarlêsprojekt en it stypjen fan oarspronklik Frysk toanielwurk.

### **IFAT is in folsleine frijwilligers organisaasje – sûnder betelle oerhead.**

As grutte frijwilligersorganisaasje binne wy tige selsredsum, litte wy sjen dat wy mienskipsin hawwe en midden yn de mienskip, oan’t yn de lytste doarpen ta, steane.

Wy binne ús bewust fan ús eigen identiteit, binne aktyf yn maatskiplike partisipaasje en bewust fan ús eigen rol deryn.

It hert fan IFAT is ús **draachflak**: alle aktiviteiten en projekten wurde droegen troch de minsken sels: frijwilligers.

Wy allegearre meielkoar stekke **frijwillich** in bulte tiid en enerzjy yn IFAT, yn de trije oansletten organisaasjes, yn de pleatslike ferienings/kriten om aktiviteiten en projekten te organisearjen wêr't eltsenien oan meidwaan kin.

**Ommers frijwilligerswurk is it semint, de gearhing, yn en fan in mienskip: fan, foar en troch de minsken sels. Dêrmei binne wy in foarbyld fan dy "typysk Fryske mienskipssin". Frijwilligerswurk is de semintfersteviger.**

IFAT draagt by oan in goed en ryk kultureel klimaat, befoarderet de sosjale koheezje en draagt by oan de leefberens en it wolwêzen fan ynwenners yn 'e stêd/kearnen (30% fan de ynwenners) en op it plattelân, wêr't 70%! fan de ynwenners wenje.

Aktiviteiten en projekten dy't al sûnt minskeheugenis sosjaal ferankere binne yn harren mienskip.

Frijwilligerswurk giet ek fierder, troch aktyf mei te dwaan, mei aktiviteiten te organisearjen kinne jo ek sels wurkje oan jo eigen ûntwikkeling en ek dêrmei wer in bydrage leverje oan jo eigen lytse of grutte mienskip.

Us basisynfrastruktuer mei aktiviteiten en projekten yn sawol de lytse doarpen as de stêden, yn alle gemeenten/wurkgebieten yn Fryslân, is **leechdrompelich**, foar alle doel- en leeftiidsgroepen: **eltsenien kin meidwaan oan ús aktiviteiten projekten op it mêd fan taal, kultuer en ûnderwiis: fan pjut oan't grut (fan pypjong oant stokâld)!**

## 1.2 Relasje beliedsnota ‘Nij Poadium 2021- 2024’: keunst en kultuer, taal & ûnderwiis en erfgoed yn Fryslân.

### 1.2.1 IFAT en kultuer.

It kulturele hert fan IFAT wurdt foarme troch in 170 toanielferienings/kriten en jongerein toanielgroepen, it winterwurk. Leden fan toanielferienings spylje dernjonken yn de simmer mei yn de produksjes fan de iepenloftspullen.

Mei mear as 10.000 aktive toanielspilars/kriteleden en jierliks mear as 100.000 besikers by Frysktalige útfierings (boarne enkête BFT) kinne je wol stelle dat der troch amateur-toanielspilars/frijwilligers gâns in bydrage oan it kulturele libben yn Fryslân levere wurdt. Ynhâldlik wurdt troch IFAT en de oansletten organisaasjes wurke oan kwaliteitsferbettering troch it organisearjen fan kursussen, ûnder oaren: toanielkursussen, toanielstúdzjedagen, it stypjen fan jeugd- en jongereintoaniel, it spyljen fan oarspronklike Fryske toanielstikken.

Wat spitich is dat al te lang der in ferskoven plak fynt fan jild en minsken nei burofunksjes. Wiene der eartiids toanieladviseurs dy’t ek echt fulltime oan ‘e basis wurkten en de basis fersterkten, no sjogge wy hieltyd mear beliedsfunksjes ferskinen: **“mear knibbels ûnder it buro, yn sté fan hannen/help en jild yn it fjild”**.

### 1.2.2 IFAT en taal.

Tûzenen Friezen binne omtrint it hiele jier aktyf mei de Fryske taal dwaande: winterdeis yn de doarpen en stêden op wei nei foarstellings, simmerdeis mei iepenloftspullen.

Hoefolle nije Friezen binne wol net troch it amateurtoaniel yn ‘e kunde kaam mei de Fryske taal en dogge no ek folop mei. Ek troch it foarlêzen oan pjutten komme jonge bern al betiid troch de Tomkeferhaaltsjes oan it Frysk.

En dan al dy taskôgers: neffens de enkête fan it eardere BFT is it berik jierliks mear as 100.000 besikers dy’t passyf belutsen binne by de Fryske taal en kultuer.

Binnen it FBoU (organisaasje fan Kriten bûten Fryslân) hawwe in tal kriten ek in toanielôfdieling, wêr’t Frysktalige toanielstikken opfierd wurde.

Dernjonken organisearje de Kriten fan it FBoU, krekt as de Kriten fan it Selskip, ek oare aktiviteiten, dy’t bydrage oan Taal en Kultuer, sa as: literêre jûnen, boekbesprekkings, lêzingen oer skiednis, toanieljûnen, taalkursussen, en ekskursjes.

### 1.2.3 Taalbelied IFAT.

**Sûnt 1953 (oprjochtsjen fan IFAT) is it belied dat alle kommunikaasje, sawol mûnling, skriftlik as digitaal, yn ús Fryske Taal fersoarge wurdt, ommers:**

**It motto fan IFAT is: ‘De takomst fan it Frysk binne wy sels!’**

Wy beskôgje de Fryske taal as in ferriking en as wy ús sels net aktyf ynspanne foar it Frysk, Frysk prate, skriuwe en lêze, wa moat it dan dwaan?

Alles, mar dan ek alles fanút IFAT yn wurd en skrift giet yn it Frysk. Better en mear kin net. Wy binne fan betinken, dat IFAT in foarbyld funksje oangeande it Frysk yn Fryslân ferfult. En as no oare organisaasjes, ynstellings dat foarbyld ek eris folgen en de Provinsje sjocht der op ta, dan stie it der mei it Frysk gâns better foar!

**Wy wurde hjir wol eris wat kribelich fan: dat ivich geseur oer wol of net yn it Frysk: wy, wy moatte it ommers sels dwaan: de takomst fan it Frysk binne wy sels!**

Eltsenien moat de skouders derûnder sette en oars mar koarte op de subsydzje.

#### 1.2.4. IFAT en ûnderwiis.

It provinsjale ûnderwiisbelied is fan âlds benammen rjochte op it Frysk yn de provinsje.

IFAT/It Selskip organisearret op it mêd fan ûnderwiis it provinsjaal projekt 'Foarlêzen yn it Frysk' oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders. Jong begjinne: foarlêzen wurdt oan sa'n 12.500 pjutten, **yn ien wike, de Fryske foarlês-wike!**

It Projekt wurket yn alle gemeenten/wurkgebieten op it fêste lân, hat dus in brede basisynfrastruktuer (provinsjale "dekking") en op Skiermûntseach.

IFAT stiet mei it Foarlêsprojekt oan de basis fan de trochgeande learline troch it planmjittich en struktureel foarlêzen op pjutteboartersplak, bernedeiferbliuwen en by gastâlders. It Foarlêsprojekt hat ek in ferbreedzjend effekt: hieltyd mear folwoeksenen lêze foar yn it Frysk en de Streektalen.

IFAT hat in sterke, brede **basisynfrastruktuer** stean en ferfolt in funksje yn in sterke, takomstbestindige provinsjale basisynfrastruktuer: foar elkenien, mei elkenien.

Wy binne fan betinken, dat ús aktiviteiten, inisjativen en produksjes bydrage oan it striben om de mienskip as gehiel bloeie te litten en in bydrage leverje oan in fariearre kultureel klimaat: ferbreedzje en ferdjipje.

Wy stelle alles yn it wurk om ús basisynfrastruktuer te behâlden en wer mooglik út te wreidzjen: stimulearje en fasilitearje. Troch dy basisynfrastruktuer berikke wy de Fryske mienskip en harren ynwenners.

Wy bouwe en bine oan de basis, fan ûnderen op.

Wy binne o sa wiis mei it tal minsken dat wy berikke, toanielspilers, taskôgers, kriteleden, karmasters, pjutten, foarlêzers, kommisjes, bestjoerders fan pleatslike ferienings ensfh.

It tal iepenloft foarstellings, harren besikers en it tal pjutten groeit noch altyd. Wy sille sjen of 't wy dit berik net allinne hanthavenje kinne, mar ek útwreidzje.

As jimme IFAT bestudearre ha en jimme ha ús de ôfronne 18 jier folge, dan moat jimme konklúzje wêze: bliksem, dy organisaasje set, mei beheinde middels, gâns wat út 'e wei.

As de provinsje mear fan ús freget, meie wy dan ek mear fan de provinsje freegje?

#### 1.2.5 IFAT en erfgoed

Ien fan ús oansletten organisaasjes, It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse fan 1844, (yn 2019 – 175 jier! ), hat in bysûnder erfskip:

- Erfguod fan Earestienten, grêfteikens, grêfsarken en grêven;
- Earestienten, sa as de kopstikken fan de bruorren Halbertsma, de gevelstien yn it berte-hûs fan Gysbert Japiks, tinkstien fan Waling Dykstra en Piter Jelles Troelstra;

- Grêftekens en grêfsarken fan Colmjon, Jacobus van Loon, Tsjibbe Gearts van der Meulen, Harmen S. Sytstra, Smeding, Rozenga en Boonemmer;
- Grêven fan Sytstra, Rozenga, Boonemmer, Tsjibbe Gearts en fan syn frou.

It Selskip hat yn 2004 by it erfskip lâns west om te sjen hoe't alles der hinne leit: Ynspek-sjetocht 18 maaie 2014.

Bestjoer Selskip hat nei de simmer fan 2019 de soarch om it erfskip wer oppakt en siket om stipe foar dit bysûndere besit. Foar de takomst moat dit erfskip feilich steld wurde.

### 1.2.6 Kultureel ûndernimmerskip.

Op side 6 fan Nij Poadium wurdt sprutsen oer de ekonomyske wearde fan de kultulere sektor. Binnen it amateurtoaniel is folop sprake fan it besef fan ekonomyske wearde. Undernimmerskip en it generearjen fan eigen ynkomsten is al wênst binnen IFAT en de trije organisaasjes. Sûnt minskeheugenis drage wy sels by oan aktiviteiten.

#### **Wat ynvestearje wy sels:**

- a. Pleatslik: leden betelje kontribúsje oan toanielferienigingen/kriten, hja ha stipers en sponsors, yntree foarstellings, hja hâlde aksjes om draaiende te bliuwen: ferlottingen, kryststjerren, oaljekoeken, koeken ferkeapje, ensfh. De kosten fan it meitsjen fan in foarstelling binne heech, samar in pear tûzen euro.
- b. Provinsjaal: binne der ynkomsten út de ledejilden, entree foarstellings, dy't brûkt wurde om de organisaasjes draaiende te hâlden. Provinsjale subsydzje - € 10.500 - wurdt brûkt foar ynhâldlike aktiviteiten, sjoch mear-jierreplan/begrutting.
- c. Foar de mienskip: it generearjen fan ynkomsten oangeande foarstellings (mear as 100.000 taskôgers!)/krite-aktiviteiten: sealhier, konsumpsjes, hapkes, materialen foar de foarstellings: allegearre ynkomsten foar kastleins, winkeliers en doarpshûzen.

**En as no ek nochris alle oeren frijwilligerswurk tsjin in reedlik oerlean sichtber makke wurde, dan giet it net om tonnen euro's, mar om miljoenen euro's mienskipts ynkomsten.**

**Ambysje 3 fan it beliedsnota jout oan: Kultuer yn 'e mienskip, dat wol sizze keunst en kultuer tagonklik meitsje foar elkenien. No, oan IFAT sil it net lizze: alle ynwenners fan Fryslân hawwe by IFAT en de trije oansletten organisaasjes folop mooglikheden om aktyf of passyf diel te nimmen oan aktiviteiten op it mêd fan kultuer, taal of ûnderwiis. Bouwe en bine begjint oan 'e basis! En dêr is IFAT sûnt 1953 drok mei dwaande.**

Yn mienskiplik oparbeidzjen gearstald mei Jan Bijkerk fan it FBoU.  
Mei tank oan Kees van der Beek, ús taalstiper

Mei freonlike groetnis,  
út namme fan bestjoer It Frysk Amateur Toaniel,  
Geeske J. Frieswijk, foarsitter.  
Tydlik adres sekretariaat IFAT:  
Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam.  
Tillefoan 0513 632989.  
E-post: [g.frieswijk7@upcmail.nl](mailto:g.frieswijk7@upcmail.nl).  
Bankrekkennûmmer fan IFAT is : NL16 RABO 0322 9458 44.  
RSIN / fiskaal nûmer ANBI 819 465 963.



## 2. AKTIVITEITEN.

### 2.1 Bibleteek.

Namme aktiviteit: Produkt <u>Bibleteek 2021</u>	2021	2022	2023	2024
<b>Kontaktpersoan + kontaktgegevens:</b>	Foarsitter/ waarnimmend skriuwer IFAT, Mefrou G. Frieswijk, p/a Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Beskriuwing aktiviteit:</b>				
<b>Omskriuwing fan de aktiviteit:</b>	IFAT hat it bewâld oer in bibleteek, mei mear as 1.000 toanielboekjes, fan alle Frysktalige toanielstikken dy't yn de rin fan de jierren útjûn binne. De bibleteek sammelt en bewarret âlde en nije toanielwurken. Jierliks wurdt sa'n 10 kear gebrûk makke fan de bibleteek, troch selskippen/ persoanen yn en bûten Fryslân.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Beëage kwantitative resultaten:</b>	It yn stân hâlde en op peil hâlde fan de bibleteek fan Frysktalige toanielstikken en it op fersyk beskikber stelle fan de bibleteek oan selskippen en persoanen.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Beëage effekten:</b>	Troch it leechdrompelig beskikber stellen fan it product, de Fryske taal en yn it bysûnder it toanielspyljen op in heger plan bringe. Goed oanbod en maklik op te freegjen.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Effektmjitting: (hoe wurdt it effekt metten?)</b>	Neffens opjefte fan de bewâldfierter.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Gearwurkingspartners:</b>	Stifting Amateurtoaniel Fryslân (STAF), Frysk Boun om Utens (FBoU), Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Selskip); StUFT (= Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel)	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Wize fan publyksrjochte kommunikaasje: <i>Foarbyld: brosjuere, webside, Facebook</i></b>	A-4 ynformaasje foar toanielferienings / yn en bûten Fryslân.	Ek sa	Ek sa	Ek sa

Namme aktiviteit: Produkt <u>Bibleteek 2021</u>	2021	2022	2023	2024
<b>Kosten en opbringsten:*</b> (* Finansieringstabel, taheakke 2b jout in gearfetsjend oersjoch fan alle aktiviteiten)	Totaal lêsten: € 325; Totaal ynkomsten € 0; Totaal subsydzje € 325.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa
<b>Oare relevante punten:</b>				

## 2.2 BFT Selskippen/STAF.

Namme aktiviteit product BFT Selskippen/STAF:	2021	2022	2023	2024
<b>Kontaktpersoan + kontaktgegevens:</b>	Foarsitter/waarnimmend skriuwer IFAT Mefrou G. Frieswijk, p/a Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Beskriuwing aktiviteit:</b>				
<b>Omskriuwing fan de aktiviteit:</b>	<p><b>a. STAFtoanielpriis en oare prizen.</b></p> <p>Dizze priis wurdt ienris yn de trije jier útrikt oan in oansletten toanielferiening, dy't ûnderskiedend dwaande is mei ynnovaasje op it mêd fan it amateurtoaniel en faktoren sa as bewust dwaande wêze mei bestjoeren, fernijing binnen har organisaasje en gearwurkje mei oare kulturele ferbanen.</p> <p>De útrikking fynt plak tidens in spesjaal organisearre toanieljûn. De sjuery bestiet út minsken dy't in grutte affiniteit ha mei toaniel en har spoaren dêryn fertsjinne ha. De oare prizen binne foar útsûnderlike prestaasjes fan ferienings en spilers.</p>	Ek sa	Ek sa	Ek sa

Namme aktiviteit product BFT Selskippen/STAF:	2021	2022	2023	2024
	<p><b>b. Jongereintoaniel.</b></p> <p>Jierliks dogge jongereinselskippen in berop op stipe foar it opsetten fan in produksje, foar kursussen rjochte op de ûntwikkeling fan jongelju, jonger as 21 jier, dy't dwaande binne mei it jongereintoaniel, foar of efter de kûlizen, of foar oare aktiviteiten dy't tsjinstich binne oan de ûntjouwing fan toaniel troch jongeren, sa as op it mêd fan rezjy, oersetten fan stikken en stipe om útein te setten. In spesjale aktiviteit is de Provinsjale Jongerein teaterdei / of in wykein foar jongereinspilers.</p> <p><b>c. Begeliedingstrajekten.</b></p> <p>Langduorjend en djippeand en begeliedingstrajekt foar ferienings en advysloket foar lossteande fragen. Begelieden fan ferieningen yn de eventuele koerswizing. Utfiering i.s.m. ambassadeurs. Op basis fan it model van 'OPEN DOEK Vlaanderen'.</p> <p><b>d. Doelgroepenbelied.</b></p> <p>Doelgroepenbelied op, ûnder oare jeugd en jongeren, âlderen en oare bysûndere doelgroepen, passend by de lokale situaasje fan ferieningen en fan út in oerkoepeljend initsjatyf sa as 'Fulkaan' of 'Broei' of in gearwurking mei besteande initsjatieven sa as it 'Generatiehuis' of 'Over de drempel'. En troch aktieve gearwurking mei maatskiplike sektoren, bygelyks troch 'community of practice' foar maatskiplike fraachstikken.</p>			

Namme aktiviteit product BFT Selskippen/STAF:	2021	2022	2023	2024
	<p><b>e. Festivals.</b></p> <p>Festivals, ienakterjûnen, slutfestivals, gearwurkingen mei partners yn it professionele teatersirkwy en gearwurking mei oare dissiplines.</p> <p><b>f. Toanielfeardichheden – masterclass</b></p> <p>Ferdjipje fan de teaterfeardichheden troch spellessen, masterclasses en kursussen, sa as de rezjyopleiding en gastlessen fan nasjonale en ynternasjonale teatermasters foar ferieningen en spesifyk foar jongeren 'de Fulkaan Summer-school'. Coaching en wurkwinkel op de flier by de toanielferienings troch professionals.</p>			
<b>Beëage kwantitative resultaten:</b>	De promoasje en it stimulearjen fan Frysktalich amateurtoaniel mei help fan ûnder oaren jongereintoaniel. Goed en leechdrompelig aanbod rjochte op partisipaasje.	Ek sa Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Beëage effekten:</b>	It bieden fan in grut ferskaat fan inisjativen en produksjes, dat de mienskip as gehiel bloeie litte kin en dat bydraacht oan in ryk klimaat dat ek ynspiraasje biedt oan ynternasjonaal publyk. It sichtber meitsjen fan it Frysk yn it iepenbiere libben, benammen yn de kulturele sektor. Op syn minst it hanthavenjen fan it hjoeddeistige peil. Sa mooglik fierder útwreidzje, mar dat hinget ek ôf fan beskikbere minskekrêft en middels.	Ek sa Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Effektmjitting: (hoe wurdt it effekt metten?)</b>	Ynformaasje en opjefte fan de oansletten organisaasjes.	Ek sa Sjoch side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Gearwurkingspartners:</b>	Stifting Amateurtoaniel Fryslân (STAF), Frysk Boun om Utens (FBoU),	Ek sa Sjoch side	Ek sa	Ek sa

Namme aktiviteit product BFT Selskippen/STAF:	2021	2022	2023	2024
	Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Selskip), Keunstwurk	18-19		
<b>Wize fan publyksrjochte kommunikaasje:</b> <i>Foarbyld: brosjuere, webside, Facebook</i>	Giet fia STAF / doelgroep BFT selskippen. Nijsbrieven, opjefte brieven foar aktiviteiten, parseberjochten en eigen hiemside <a href="http://www.staf-fryslan.nl">www.staf-fryslan.nl</a>	Ek sa Sjoch side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Kosten en opbringsten:*</b> (* Finansieringstabel, taheakke 2b jout in gearfetsjend oersjoch fan alle aktiviteiten)	Totaal lesten: € 32.125; Totaal ynkomsten € 26.500; Totaal subsydzje € 5.625.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa
<b>Oare relevante punten:</b>				

### 2.3 Frysk Boun om Utens.

Namme aktiviteit: Produkt <u>Frysk Boun om Utens</u>	2021	2022	2023	2024
<b>Kontaktpersoan + kontaktgegevens:</b>	Foarsitter/waarnimmend skriuwer IFAT, Mefrou G. Frieswijk, p/a Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Beskriuwing aktiviteit:</b>				
	It Frysk Boun om Utens hat 13 kriteriën bûten Fryslân, meielkoar mei omtrint 1500 leden.  <b><u>Toaniel</u></b>  <b>a. Toanielploegen en promoasje.</b> It Boun fynt it wichtich dat Kriteriën in eigen toanielploech hawwe, dat slagget net altyd. Ien krite hat sels in toanielploech. Dêr wêr't mooglik wurdt it toanielspyljen promoate, sa as op Algemene gearkomsten, op besite by	Ek sa  Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa

Namme aktiviteit: Produkt <u>Frysk Boun om Utens</u>	2021	2022	2023	2024
	<p>kriten en by spesjale gelegenheden.</p> <p><b>b. Moetings- en Ynspiraasjedei.</b> Elk jier wurdt in lânlike meetings- en ynspiraasje dei organisearre, wer't toaniel in fernaam plak yn kriget. Der wurde sprekkers út-noege dy it belang fan toaniel oanjouwe ensf. Der wurdt ek oandacht jûn oan it belang fan in eigen toanielploech en de tûkelteammen dêr't men mei te krijen hawwe kin. Dielname Moetings- en Ynspiraasjedei : trochhinne 35 – 40 dielnimmers</p> <p><b>c. It Frysk toaniel .</b> It Frysk toaniel ûnder de oandacht fan de leden fan de kriten bringe, troch de Toanielselskippen út Fryslân sa folle mooglik harren stikken spylje te litten op de kritejûnen fan de 13 kriten bûten Fryslân en dêrmei bûten Fryslân it berik te fergrutsjen fan de Fryske taal en kultuer.</p> <p><b>Fryske sjongkoaren.</b></p> <p><b>d. Fryske sjongkoaren.</b> Der binne noch 5 kriten dy't in Frysk Sjongkoar hawwe. Dizze koaren trede op by eveneminten yn de omjouwing fan de krites dêrmei bûten Fryslân it berik te fergrutsjen fan de Fryske taal en kultuer.</p>			
<b>Beëage kwantitative resultaten:</b>	It Boun wol troch in goed oanbod fan kultueredukaasje en it toanielspyljen troch de eigen kriteleden sa folle mooglik stimulearje en stypje om dêrmei it berik te fergrutsjen fan de Fryske taal en kultuer.	Ek sa Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa

Namme aktiviteit: Produkt <u>Frysk Boun om Utens</u>	2021	2022	2023	2024
<b>Beëage effekten:</b>	It safolle as mooglik behâlde fan eigen toanielploegen foar de kriterien. Mei troch it opsetten fan de Moeting- en Ynspiraasjedei it toanielspyljen te stimulearjen en it berik fan de Fryske taal en kultuer te fergrutsjen.	Ek sa Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Effektmjitting: (hoe wurdt it effekt metten?)</b>	Ynformaasje en opjefte fan de oansletten organisaasjes.	Ek sa Sjoch side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Gearwurkingspartners:</b>	Stifting Amateurtoaniel Fryslân (STAF), Frysk Boun om Utens (FBoU), Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Selskip)	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Wize fan publyksrjochte kommunikaasje:</b> <i>Foarbyld: brosjure, webside, Facebook</i>	Nijsbrievens, It Ambyld, brievens útnoeging en de webside <a href="http://www.fryskbutenfryslan.frl">www.fryskbutenfryslan.frl</a>	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Kosten en opbringsten:*</b> (* Finansieringstabel, taheakke 2b jout in gearfetsjend oersjoch fan alle aktiviteiten)	Totaal lesten: € 2.050; Totaal ynkomsten € 0; Totaal subysdzje € 2.050.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa
<b>Oare relevante punten:</b>	FRYSK BOUN om UTENS wol in spesjale <u>FriezenJubileumdei</u> organisearje yn 2023. Dan hat it Frysk Boun 100 jier bestien. Friezen út en bûten Fryslân wurde útnoege om it feest mei te fieren en d'r sil rom omtinken wêze foar kulturele aktiviteiten, sa as Frysk toaniel en sjongen/koaren. Foar it jier 2023 wurdt hjirfoar in ekstra subysdzje oanfrege fan € 5.000.		ekstra € 5.000	

## 2.4 Selskip 1844

Namme aktiviteit Produkt <u>Selskip 1844</u>	2021	2022	2023	2024
<b>Kontaktpersoan + kontaktgegevens:</b>	Foarsitter / waarnimmend skriuwer IFAT, Mefrou G. Frieswijk,			

Namme aktiviteit Produkt <u>Selskip 1844</u>	2021	2022	2023	2024
	p/a Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam.			
<b>Beskriuwing aktiviteit:</b>				
	<b>Foarlêprojekt:</b> Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.	Ek sa Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Beëage kwantitative resultaten:</b>	It aktyf brûken fan de Fryske taal, it Stellingwerfs, it Bildts, it Skiermûntseagers en oare streektalen te befoarderjen en it lêzen en foarlêzen yn dy talen te stimulearjen.	Ek sa Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Beëage effekten:</b>	Promoasje Fryske taal en streektalen, befoarderjen fan meartaligens. Fergrutsjen sichtberens fan meartaligens en it Frysk yn it iepenbiere libben en de kommunikaasje mei it publyk yn wurd en skrift.	Ek sa Sjoch ek side 18-19	Ek sa	Ek sa
<b>Effektmjitting: (hoe wurdt it effekt metten?)</b>	Ynformaasje troch it ferslach Fryske Foarlêswike op basis fan sifers n.o.f. fragelistkes fan kontaktpersoanen / Kommisje Foarlêzen.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Gearwurkingspartners:</b>	Stifting Amateurtoaniel Fryslân, Frysk Boun om Utens, Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse, Afûk, StUFT, Tomke – wurkgroep, Bibliotheekservice Fryslân, Taalsintrum Frysk Cedin, Ried fan de Fryske Beweging, Sintrum Frysktalige Berneopfang, Tresoar, Frysk Genoatskip, Stellingwarver Schrieversronte, Stichting Ons Bildt, Kulturele Kommisje Skier, Hegeskoallen NHL en Stenden	Ek sa	Ek sa	Ek sa
<b>Wize fan publyksrjochte kommunikaasje:</b> <i>Foarbyld: brosjure, webside, Facebook</i>	Ynformaasje oan Kontaktpersoanen, pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen, gastâlders en foarlêzers. Parseberjochten, ferslaggen oan gemeenten: kolleezjes Boargemaster en Wethâlders, Gemeenterieden, leden Steatefraksjes en relaasjes / organisaasjes	Ek sa	Ek sa	Ek sa



Namme aktiviteit Produkt <u>Selskip 1844</u>	2021	2022	2023	2024
<b>Kosten en opbringsten:*</b> (* Finansieringstabel, taheakke 2b jout in gearfetsjend oersjoch fan alle aktiviteiten)	Totaal lesten: € 13.000; Projektsubs. Prov. Fryslân € 7.500; Subsydzje Ljouwert € 3.000; Subs. Prov. Fryslân fia IFAT € 2.500.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa
<b>Oare relevante punten:</b>				

### 3. PRODUKTPLAN 2021.

#### 3.1 Detailbegutting.

## Produktplan 2021

### *Stifting It Frysk Amateur Toaniel (IFAT)*

	Produktplan 2021	Realisaasje 2019	Produktplan 2020
<b>Baten</b>			
Subsydzje fia Keunstwurk	€ 26.000	€ 26.364	€ 26.000
Subsydzje provinsje fia IFAT	€ 10.500	€ 10.058	€ 10.327
Subsydzje Ljouwert	€ 3.000	€ 3.000	€ 3.000
Subsydzje provinsje	€ 7.500	€ 7.500	€ 7.500
Fierdere bydrage	€ 500	€ 210	€ 2.500
	€ 47.564	€ 47.132	€ 49.327
<b>Lêsten</b>			
<u>Direkte kosten</u> , lykas teaterdei, jongerein, slúttjûn, kaderwykein, bibleteek	€ 25.000	€ 25.450	€ 25.800
<u>Kosten gearkomsten en wurkgroepen</u> , lykas sealhier, konsumpsjes, honoraria, fergoedingen	€ 6.400	€ 6.027	€ 7.000
<u>Reis- en ferbliuwkosten</u>	€ 4.000	€ 2.344	€ 4.500
<u>Burokosten</u> , lykas promoasje, advertinsjes, represintaasje, fersekering	€ 10.900	€ 10.913	€ 8.000
<u>Fierdere kosten</u>	€ 1.200	€ 2.377	€ 4.027
	€ 47.500	€ 47.112	€ 49.327

## 3.2 Kosten en opbringsten per produkt.

**Produktplan 2021**  
Stifting It Frysk Amateur  
Toaniel (IFAT)

**Bijlage 2B Gearfetsjend oersicht: finansieringstabel per aktiviteit**

Tabel oersicht kosten en opbringsten per aktiviteit jierskiif 2021													
Aktiviteiten	Totaal bedrach	Direkte kosten	%	Yndirekte kosten	%		Totale ynkkomsten	Opbringsten út aktiviteit	%	Bydrage treden	%	Frege boekjier-subsydzje	%
Bibleteek	€ 325	€ 325	100%		0%		€ 325	€ -	0%	€ -	0%	€ 325	100%
BFT Selskippen/STAF	€ 32.125	€ 32.125	100%		0%		€ 32.125	€ 500	2%	€ 26.000	81%	€ 5.625	18%
Frysk Boun om Utens (FBoU)	€ 2.050	€ 2.050	100%		0%		€ 2.050	€ -	0%	€ -	0%	€ 2.050	100%
Selskip 1844	€ 13.000	€ 13.000	100%		0%		€ 13.000	€ -	0%	€ 10.500	81%	€ 2.500	19%
<b>Totaal</b>	<b>€ 47.500</b>	<b>€ 47.500</b>	<b>100%</b>	<b>€ -</b>	<b>0%</b>		<b>€ 47.564</b>	<b>€ 500</b>	<b>1%</b>	<b>€ 36.500</b>	<b>77%</b>	<b>€ 10.500</b>	<b>22%</b>